

# Liturgyske sangen

<i>Ynljeding</i>		522
<i>Ordinarium 1</i>		524
<i>Ordinarium 2</i>		533
<i>Ordinarium 3</i>		542
<i>Ordinarium 4</i>		548
<i>Ordinarium 5</i>		552
<i>Ordinarium 6</i>		560
<i>Ordinarium 7</i>		565
<i>Ordinarium 8</i>		576
<i>Ordinarium 9</i>		578
<i>Yntree</i>	10-41	581
<i>De hillige Skrift</i>	42-65	611
<i>Gebeden</i>	66-86	632
<i>It Miel fan de Hear</i>	87-121	649
<i>Utstjoering en seine</i>	122-126	710
<i>De trije dagen fan Peaske</i>	127-139	713
<i>It deistich gebed</i>	140-147	741
<i>Ferskaat</i>	148-153	753

## Ynlieding

Yn 'e tsjinstboeken dy't sûnt de jierren 1950 en 1960 yn 'e Lutherske, Herfoarme en Grifformearde tsjerken publisearre binne, wurdt yn 'e oarders ûndersteld dat njonken lieten yn fersfoarm ek responsys, akklamaasjes en wikselsangen songen wurde. Dy ûntjouwing hat him fuortset yn 'e liturgyske publikaasjes dy't dêrnei ferskynd binne. Yn dit ferbân moat benammen it gemeenteboekje *Onze Hulp* neamd wurde. Mar der kin ek ferwiisd wurde nei de withoefolle publikaasjes fan de kommisjes foar liturgy en tsjerkemuzyk fan de tsjerken en nei de útjeften dêr't it wurk fan tsjerkemusisy út de 'eigen' gemeente yn wide rûnten yn ferspraat binne.

Dy sungen wurde 'Liturgyske sungen' neamd: sungen dy't in min of mear dúdlik omskreaun plak of funksje yn 'e earetsjinst hawwe. It giet dêrby likegoed om de oarders foar de snein, feest- en tinkdagen as om de oarders foar it deistich gebed. It skaaimerke fan liturgyske sungen is dat it dêrby giet om net-berime teksten út 'e hillige Skrift of dêrbûten, dy't of tagelyk troch de hiele gemeente of yn wikselsang songen wurde kinne.

De liturgyske sungen hawwe in pear grûnfoarmen. Yn it foarste plak binne der *responsoarjes*: wikselsangen tusken foargonger en gemeente, bygelyks de gebedsgroet by it gebed fan 'e dei of de barspraak dy't it tafelgebed by it fieren fan it Miel fan de Hear ynliedt. Yn it twadde plak binne der *akklamaasjes*, bygelyks nei de skriftlêzingen of yn it tafelgebed. Dy wurde ornaris troch de hiele gemeente songen. Dan de *refreinen*. Dy komme foar by de wikselsang fan de psalmen: bygelyks de antwurdsalm nei de earste skriftlêzing en yn it psalmgebed yn de tiden fan de dei. It foarlêzen fan de Tsien Wurden kin ek mei refrainen dien wurde. Yn It deistich gebed falt de klam op 'e toansetting fan de psalmen en de cantica mei de dêrby hearrende refrainen en *antifoanen*. Om praktyske reden binne dy by de oarders sels opnommen. De *wikselsangen* yn wêzentlike sin binne benammen de psalmen, de cantica en de hymnen dy't fan dy foarmen ôflaat binne lykas it Gloria. De psalmen en cantica jouwe de fûnemintele struktuer oan: it binne wikselsangen dêr't de tekst fan freget om wjersidigens. Dy wjersidigens heart prinsipiëel by alle foarmen fan liturgy. As lêste foarm kin neamd wurde de *litany*: foargonger en gemeente roppe God om bar in tal kearen oan. Wannear't bygelyks by it Kyrië in tal koarte yntinsjes

oanjûn wurde, kinne dy as litany songen wurde. Dy yntin-sjes moatte dan op in toanformule set wurde.

De fêste sängen yn 'e tsjinst fan de hillige Skrift en it Miel fan de Hear wurde it 'ordinarium' neamd. In skaaimerik fan it ordinarium is dat dy teksten yn alle sneinstsjinsten songen wurde. It toansetten fan it ordinarium smyt in stramyn op dat it jin mooglik makket om de tsjinst as in goed rinnend en trochgeand gehiel te belibjen.

De Liturgyske sängen iepenje mei in tal settingen fan it ordinarium. Dy binne keazen fanwege de tradysje, bekend wurden troch it Luthersk Tsjinstboek (1955) en sûnt de jierren sechstich yn ûnder mear 'Onze Hulp' yn 'e reformearre tsjerken yntrodusearre. Dy tradysje wurdt no yn dit *TSJINST-BOEK – in oanset* – foar alle gemeenten fierder tagonklik make. Dêrnjonken sil it wykliks brûken fan (de settingen fan) it ordinarium, dêr't de teksten fan troch de hiele oekumene bidden wurde, der sines ta dwaan dat de ûnderskate pleatslike tsjerken inoar hieltiten mear werkenne.

Nei de ordinariumsettingen folgje in soad settingen fan ûnderdielen fan it ordinarium en fan it tiideigene. Der kin benammen wiisd wurde op it 'halleluja-fers', dat songen wurde kin as in wolkom fan it evangeelje of as ôfsluting fan de lêzingen. De akklamaasjes by de foarbea sille foar manichien in nije mooglikheid wêze om de djipte fan it bidden te ûnderstreekjen. De oanwizingen foar de foargongers om de ynlieding fan it tafelgebed sjonge te kinnen, binne bedoeld om de klam te lizzen op it hymnysk karakter fan it tafelgebed. Itselde jildt foar de akklamaasjes yn it tafelgebed.

Mei't de liturgyske sängen oan de hillige Skrift ûntliend binne, of inte binne op 'e taal en bylden fan de Skrift, binne se tige gaadlik om de gemeente sels de taal fan de hillige Skrift ferkundigjend yn 'e mûle te lizzen. Sadwaande rekket de gemeente fertroud mei in oanhâldende aktive omgong mei de hillige Skrift.

Foar de liturgyske sängen yn dit *TSJINSTBOEK – in oanset* – is keazen om't oan 'e iene kant de gemeenten troch dy sängen fertroud reitsje kinne mei de sjongtradysjes fan de tsjerken yn oekumenysk ferbân en oan 'e oare kant om't de gemeenten de muzikale tradysjes dy't no jilde dêrmei útprobearje kinne.

De begeliedingsbondel dy't by it *DIENSTBOEK – een proeve* – ferskynd is, is ek te brûken by it *TSJINSTBOEK – in oanset*.